



DE FRYSKE MARREN

Riedsfoarstel

Riedsgearkomste Debat en Beslút	:	3 maart 2025
Petear	:	n.f.t.
Agindapunt	:	2
Datum foarstel	:	14-02 -2025
Ûnderwerp	:	Fêststellen profylskets boargemaster De Fryske Marren
Portefeuillehâlder	:	n.f.t.

Foarstel:

De profylskets foar de boargemaster fan De Fryske Marren fêststelle en de profylskets oanbiede oan de kommissaris fan de Kening, de hear drs. A.A.M. Brok

Ynlieding

Op 19 novimber 2024 is de hear F. Veenstra ynstallearre as boargemaster fan de gemeente Smellingerlân. Hjirtroch ûntstie in fakatuere foar boargemaster fan gemeente De Fryske Marren. De hear N.L. Agricola is op 4 novimber 2024 troch de kommissaris fan de Kening beneamd ta waarnimmend boargemaster oant in nije kroanbeneamde boargemaster ynstallearre wurdt. Dêrom is de proseduere foar beneaming fan in nije boargemaster opstart. De gemeenteried hat in fertrouwenkommisje ynsteld, dy't belêstige is mei de tarieding ta beneaming fan de boargemaster. De earste wichtige stap is it meitsjen fan in profylskets. Yn dy profylskets steane de easken en kompetinsjes dy't de ried stelt oan syn nije boargemaster, mar ek de ferwachtingen dy't er fan de nije boargemaster hat.

Foar it opstellen fan de profylskets is, njonken de ynput fan de gemeenteried op 4 septimber 2024, in enkête útset foar ynwenners, ûndernimmers en oare belangstellenden. De enkête is 589 kear folslein ynfolle. De reaksjes binne belutsen by it opstellen fan de profylskets. De fertrouwenkommisje hat dêrneist petearen fierd mei in tal belanghawwenden op it mêd fan Iepenbiere Oarder en Feiligens. De gemeenteried stelt de profylskets fêst neidat in oerlis hjiroer plakfûn hat mei de kommissaris fan de Kening yn de ekstra riedsgearkomste op 3 maart oansteande.

Beëage resultaat

De profylskets foarmet de basis foar de iepenstelling fan de fakatuere foar de nije boargemaster. Foar de fertrouwenkommisje is de profylskets it toetsingskader yn it seleksjeproses. Foar de klankboerdpetearen mei de nij te beneamen boargemaster is de profylskets in wichtige padwizer.

Kanttekeningen: risiko's en eventuele behearsmaatregels

N.f.t.

Finânsjes

As de kosten dy't gearhingje mei de beneamingsproseduere boargemaster net opfongen wurde kinne binnen it reguliere budzjet foar de riedsstipe, wurdt hjiroer rapportearre op de dêrfoar ynrjochte mominten yn de P&C syklus. Op dit stuit is dêrfan noch gjin yndikaasje.

Duorsumens

N.f.t.

Partisipaasje

Foar it opstellen fan de profylskets is in enkête útset foar ynwenners, ûndernimmers en oare belangstellenden. De enkête is 589 kear folslein ynfolle. De reaksjes binne belutsen by it opstellen fan de profylskets. De fertrouwenkommisje hat petearen fierd mei in tal belanghawwenden op it mêd fan de Iepenbiere oarder en Feiligens.

Der hat in ynwennerskonsultaasje west yn'e foarm fan in enkête. Fan de respondinten is 92% ynwenner, 30% fertsjintwurdiger fan in maatskiplike organisaasje of feriening en 28% ûndernimmer. Hjir kinne dûbelingen wêze as dielnimmers oan de enkête bygelyks sawol ûndernimmer as ynwenner binne. Kwa leeftiid is de groep 45 -67 jierigen mei 42% it meast fertsjintwurdige, 19% is jonger as 45 jier, 37% is âlder as 67 jier. 3% hat de leeftiid net bekend makke.

De ynput is troch de fertrouwenkommisje brûkt by it opstellen fan de profylskets, dêr't de fertrouwenkommisje dyjingen dy't de muoite nommen hawwe om diel te nimmen hertlik foar tanket.

Kommunikaasje

De fêststelde profylskets wurdt publisearre op de webside fan de gemeente.

Ferfolch en evaluaasje

Fan de profylsketsgearkomste ôf jildt strikte geheimhâlding foar it wurk fan de fertrouwenkommisje en it wurk dat de gemeenteried ferrjochte yn it ramt fan de proseduere. Nei't de gemeenteried de profylskets fêststeld hat, sil, op advys fan de kommissaris fan de Kening, de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes de fakatuere iepenstelle. Nei de slutingstermyn fan de fakatuere sil de seleksje plakfine. De fertrouwenkommisje fiert dêrnei sollisitaasjepetearen mei de selektarre kandidaten, en bringt dêrnei ferslach út fan har befinings, beselskippe fan in konsept oanrekemandaasje. De gemeenteried stelt oanslutend de oanrekemandaasje fêst.

Taheakke

- Konsept-profylskets
- Resultaten enkête profylskets boargemaster De Fryske Marren

De fertrouwenkommisje,
de sekretaris,
H.A. van Dijk-Beekman

de foarsitter,
G.H. de Vries-Suijveld

